

De bydragen yn dit nûmer binne fan:

Dr. Roger Downing wurke earder yn it bedriuwslibben, mar is no warber as selsstannich en ûnôfhinklik ûndersiker mei as spesjalisme de rivaliteit tusken Ingelân en 'e Nederlânske Republyk yn 'e 17^{de} iuw.

Dr. yr. Jaap de Kam is teoretysk fysikus en hat oan 't wurk west by ûnderskate universiteiten yn binnen- en bûtenlân. Yn 2015 gie er mei pensjoen as *business developer* by Airbus Defense & Space Netherlands. De Kam is amateur-histoarikus mei spesjale niget oan martime skiednis. Redaksjonele stipe by syn artikel yn dizze ôflevering fan *It Beaken* krige er fan Janneke de Kam, kommunikaasje, en fan Rika de Kam-Habets, oersetster.

Dr. Gijs Rommelse is haad fan 'e seksje Skiednis fan it Haarlemmermeer Lyceum yn Hoofddorp (Noard-Hollân). Hy is spesjalisearre yn iermoderne politike en militêre ûntjouwings. In list mei publikaasjes fan syn hân is te finen op <http://gijsrommelse.weebly.com/>

Paul C. van Royen (1952) studearre skiednis oan 'e Vrije Universiteit te Amsterdam. Yn 1987 promovearre er op *Zeevarenden op de koopvaardijvloot omstreeks 1700*. Hy dosearre skiednis oan ûnderskate universiteiten. Fan 1991 oant 1999 wie er direkteur fan it Instituut voor Maritieme Historie fan 'e marinestêf yn Den Haach. Dêrnei wurke er foar BMC as *consultant*. Sûnt 2006 hat er syn eigen Projectbureau Gideon. Yn 2017 ferhuze er nei Frankryk.

Adri P. van Vliet (1956) is plakferfangend direkteur by it Nederlands Instituut voor Militaire Historie (NIMH) yn Den Haach. Hy is spesjalist yn 'e Nederlânske maritime skiednis yn 'e sechstjinde en santjinde iuw. Yn 1994 promovearre er oan 'e Universiteit Leiden op it proefskift *Vissers en kapers. De zeevisserij vanuit het Maasmondgebied en de Duinkerker kapers (ca. 1580-1648)*. Hy publisearret oer argivistyske en maritym-histoaryske ûnderwerpen. Syn lêste boek (2017) giet oer *Justinus van Nassau. Admiraal en gouverneur (1559-1631)*.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

